
Janneke Spoelstra

Boartsjen is it, mar lykwols

Yn 'e titel fan syn twadde bondel, *Le tour de Frise*, leit Foppe Venema – mei in knypeach nei de Tour de France – as Frysk dichter wenjend yn Frankryk, de ferbining tusken syn beide talen, syn beide lannen.

Op it omslach kin men op 'e loftfyts it stal fan 'e dichter werkenne. De bern op it strân sille de bern fan 'e dichter wêze. De foto is, sa redenearye ik troch, grif makke troch de frou fan 'e dichter. Miskien is it sels har beleving by in Fryske fakânsje, twa bern op it strân en in man dy't yn 'e loft (yn syn eigen taal en gedachten en oantinkens) sweeft. Yn 'e opdracht foaryn wurde se (frou en bern) by namme neamd: 'Foar Anna, Charlotte en Eelke'. Dy binne, neffens it ferfolch fan 'e opdracht 'op syk nei it hillich graaltsje / dat lykas altiten klearstiet / yn it Starumer lokaaltsje'.

Ik meitsje fan it Starumer lokaaltsje de boemeltrein fan Snits nei Starum. Dat is in prachtige rûte, tusken marren en greiden troch. Foar bern dy't yn Grenoble (dêr't Venema sûnt 1993 wennet), oan 'e foet fan 'e Frânske Alpen, wenje en yn Fryslân útfanhûs binne, faaks it toppunt fan fakânsjelok.

It earste fers, 'Blommefamke', is in sonnet oer in famke dat yn *Les Fleurs du Mal* fan Baudelaire lêst en út 'e 19^e -ieuske sfear weromdriuwt nei de 'Flower power from The Jouwer'. Is it de dichter, dy't se op 'in pompeblêdbêd' yn 'e mjitte komt? Wat dat 'Abe Brouwer Brouwer' derby moat, is in riedsel. Lies de dichter in boek fan Abe Brouwer, wie der earder in boekhannel Brouwer op 'e Jouwer? It blommefamke sit der net mei: '(Sy) laket en spat my wiet'. (s. 7)

Fryslân is foar de dichter: famylje, omkesizzers, muoikes, pake en beppe. Foar in omkesizzer hat er in fûgel. Mar 'wêr't dy fûgel foar stiet? / Ik wit it net.' (s. 8) De fûgel wie der en siet op 'e bank yn 'e moanneskyn en fleach dêrnei samar fuort. Fertriet kin men der yn lêze, of treast, ferwachting, hope. De dichter makket ús net wizer.

Yn 'Gleonterp' is de dichter sels de omkesizzer en útfanhûs by muoike Akke en omke Sjerp. Hy komt dêr yn 'e kunde mei 'ús Leaven Hear'. Teminsten, dy waard dêr 'berne', tusken de 'bibelkwissen' fan muoike Akke troch. Jûns op

bêd tocht er oan Adam en Eva yn it apelhûf, 'sûnder piama'. (s. 9)

In hiele oare sfear ropt Venema op yn 'Rekwiem'. Yn 'e (Frânske?) bergen 'yn it swart / Ian Curtis fan Joy Division. / Foar him ... / ... 't gefoel fan isolation.' (s. 10) Slacht it fers, 'Swarte prins', ek werom op Curtis? Sa lêst ik it al, as er syn spegelbyld sjocht wurdt er kjel: 'Achter skyld / en slachswurd / sjocht er blau burd'. (s. 11)

Mei 'INRI' stelt Venema himsels yn 'I' de fraach oft er net mear oer it leauwe skriuwe moatte soe, mear oer 'Jesus redt'. Mar yn 'II' hâldt er it hjirop: 'godswûnder / is it iis fan Jamin / foar de earme sûnder / dy't ik bin'. (s. 13)

Yn it fers 'By pake en beppe' is de dichter werom by de famylje. Pake ferrast it omsittend laach mei syn betinken oer de relaasje fan nei alle gedachten de pakesizzer/dichter: 'Minsken, it falt wat te sizzen / in frou te hawwen / en der net neist te lizzen.' (s. 20) Beppe, dêrfoaroer, hâldt fan har eigen fêstichheden, mar lit in oar de romte:

Beppe seit: 'Nimmen kriget
fan it libbenskonsert
in program'. Dochs makket
hja wykliks in panne snert. (s. 20)

Foar in Frysktalige bondel stiet der in opmerklik soad net-Frysk yn dit boek. Net allinne de titel is oarstalich, ommers Frânsk, der binne ek in soad Ingelske sitaten yn 'e fersen te finen, út 'e popmuzyk benammen. Der stiet in Frânsk kwatryn, 'Francesca' en in Dútsk kwatryn yn. It Frânske is moai mankelyk:

Je suis de Paris
et j'ai envie
d'entendre dire:
'Je t'aime aussi.' (s. 22)

Venema is faaks sels 'De koloniaal' dy't him soms ûnwennich fielt. 'Djip yn it oerwâld ... / bliuw ik wekker yn 'e nacht / oant ik alles net mear hear.' (s. 31) Hy beheint him, oars as men by de titel fan 'e bondel tinke soe, yn dizze poëzy net ta Fryslân, mar reizget de wrâld oer, fan de Sovjet-Uny, 'Sovjetseks' en 'Sovjetrock' (s. 36), nei Amearika, 'Hit the road Jack' (s. 37). Om dan wer út te kommen by de 'Jouster toer', wêryn't er in foech kroegetocht beskriuwt fol ferwizings nei artysten en nûmers, dy't útrint op: 'dûnsje ... yn Old Inn / op in liet fan Jane Birkin / en Serge Gainsbourg ... / 'Je t'aime ... Moi non plus'. (s. 39) It tilt op fan 'e ferwizingen yn dizze bondel, net allinne nei de popmuzyk fan 'e ôfrûne desennia – lokkich is op s. 57 in Diskografy opnommen – mar ek nei de Fryske skiednis en literatuer. Yn it 'Fryske front' bedarret in Fryske stri-

der, dy't út wie op 'e WTC-toer, 'yn Gabe Skroar syn lapekoer'. (s. 43) Fan in oare Frysk strider wurdt sein: 'Mobilisearret (er) fergemy / De troepen fan de Fryske Akademy?' Mar nee, hy giet wer gewoan oan it wurk as boer en simmerdeis komme de 'âldstriders' útfanhûs as 'ûngetiders'. (s. 46)

Yn 'Werberne: Gysbert Japicx syn Fryske Tsjerne' komt Tsjerne yn syn weromreisferske, op 'e 'wize fan 'I can't get no satisfaction fan 'e Rolling Stones', ferrassend notiids út 'e hoeke mei 'O dy Tetke / 't smoarge sletke / yn sa'n nearzich / Boalsserter fletke'. (s. 50)

Venema leit de hiele bondel troch tige aparte ferbannen. Yn it lêste fers 'By wize fan neiwurd' (s. 56) ferbynt er Bob Marley mei it 'Reaklif'. Dêrtroch klinke ûndersteande Marley-rigels, dy't de lêste strofe út 'e bondel foarmje, ynienen as in Frysk striidfers:

'Get up, stand up!
Stand up for your rights!
Get up, stand up!
Don't give up the fight!'

Ut de Fryske literatuer ûntbrekt ek Obe Postma net. Yn Venema's fers 'Fryske lân en Fryske libben', wêrmei't men fuort al by Postma is, stiet de boerinne fan Surch wer ris op it hiem. Nijsgjirriger is dat Postma sels ek opfierd wurdt yn it fers wylst er 'oer in knibbelhege hage / springt...' as swarte dichter. "Boartsjen wie it' soe er skriuwe...'. (s. 51)

Miskien is dat wol in goede typearring fan Venema syn dichterskip: boartsjen is it. Mar lykwols, lykas by Postma en Kierkegaard 'op it Jelsumer binnenpaad', is it in boartsjen mei 'it hillich fjoer'. (s. 52)

Yn in ynterview mei Venema yn 'e *Leeuwarder Courant* (26 april jl.), nei oanlieding fan it ferskinen fan dizze bondel, seit Venema: 'It is (yn Frankryk) allegear folle lichter'. As der besite is wurdt der iten, en by it iten wurdt it iten bepraten. 'De petearen geane noait sa djip.'

It sjocht dernei út dat it yn Frankryk ek wat lichter dichtet. Wy, dy't yn Fryslân wenje, meie freegje om dreger kost, 'in panne snert', in dúdliker 'program', mar dêr hat de dichter Venema gjin boadskip oan. Syn fersen geane likemin as it petear by it iten bot de djippte yn. Gauris lit dy djippte him der nammers maklik by betinke.

Foppe Venema, *Le Tour de Frise*

Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert 2013

ISBN: 978-90-8566-029-3

Ferkeappriis: € 17,00